

## Skiedskriuwing Friezen om utens



Bovensmilde, 30 augustus 2009

Nr: 3

Bêste minsken!

Dat it ûnbidich stik wurk wêze soe, wie ús wol dúdlik, mar dat it safolle tiid nimme soe, dêr hawwe wy ús eins al wat op fersjoen.

De plenning om it boek presintearje te kinnen op de Friezedei fan dit jier wie fan it begjin ôf oan eins net reëel. Op ús, as meiwurkers hat it lykwols in goede ynfloed hân. De gong bleau deryn en dat, mei ik wol sizze, falt net ta.

Net om't de minsken net wolle, mar wat hawwe minsken, dy't allegearre al (lang) út it wurk binne, noch in protte dingen te dwaan en wat hat in jier dan gâns tiden, dat it wurk hast hielendal stil leit.

- Besteande kriterien

Op ien nei hawwe wy no it ferhaal fan alle noch besteande kriterien binnen. Dêr moat noch wol it ien en oar oan dien wurde. Guon stikken moatte yn it Frysk oerset wurde. Alles moat op taal besjoen wurde en út en troch is der oerlis mei kriterien oer de ynhâld en/of de lingte fan it ferhaal.

- De ophefte kriterien yn binnen- en bûtenlân

Dat binne der gâns mear as wy tochten en om dêr wat fan te finen freget in protte sykjen. Boppedat foel ek it tal ûnderskate tydskriften, dy't trochnomd wurde moatte heger út as ferwachte.

Men kin fansels sizze, jou dêr dan mar net folle omtinken oan. Lykwols wat is in skiedskriuwing fan de Friezen om utens sûnder it beskriuwen fan dat ferline; wêrom dêr in krite – hokker aktiviteiten - bysûndere foarfallen yn dy krite - wêrom ferdwûn – rûzjes – tebekrinnen ledetal, ensafierderhinne.

Yn de Algemiene Skiednis soe ek net folle te fertellen wêze, oft der sein wurdt, dat en dat is der net mear of dy en dy libbet net mear, dus slane wy ien en oar mar oer.

Mei oare wurden sûnder dat ferline kin it net en giet it net!

- Hoefier binne wy en hoe lang noch?

Op dit stuit sitte wy yn de einfaze fan it sammeljen én in ein hinne yn de seleksjefaze. Fierder binne guon stikken ek al yn de redaksjefaze.

En dat alles spilet him ôf binnen it groepke fan sneupers en skriuwers.

Dêrbinnen hat trouwens ek feroaring plak fûn. Guon moasten troch omstannichheden ophâlde, wylst dêr net altiten ferfanging foar stie.

Wy hoopje no en dêr wurkje wy mei de útjouwer ek nei ta, dat it boek der yn april 2010 is, lykwols in garânsje dêrfoar kinne wy net jaan.

Sjoch, in boek as uzes wurdt mar ien kear skreaun en dan moat it net ôffraffele wurde want dan wy hawwe wy noch neat. Dat er in momint komme moat, dat wy sizze, dit is it en no is 't út, dat witte wy ek. Mar dat momint is no noch net kommen.

- Wat kost it boek en wa wurdt de útjouwer ?

Sjoen de hope op genôch sponsers en net wittende dat de kredytkrisis kommendewei wie, tochten wy it boek de kriteleden fergees oanbiede te kinnen. Spitigernôch slagge dat net. Wol binne wy no ek drok dwaande en besykje subsydzjes te krijen en sponserjild te garjen, mar der sil grif grou jild by moatte.

Wy hawwe dêrom letter keazen foar in oare oanpak. In lege priis by foarynskriuwing en dêrnei úteinlik de kostpriis.

Sa koste it boek by de foarynskriuwing oant en mei de Friezedei fan dit jier € 15,--. Dêrnei oant twa moanne foar it ferskinen is dat € 25,--. Yn beide gefallen kinne de gegevens fan de foarynskriuwers efter yn it boek opnomd wurde.

Nei it ferskinen moat de folle priis betelle wurde. Hoefolle dat wêze sil witte wy noch net, mar dat kin wolris op € 35,-- of € 40,-- útkomme.

Mei dy oare oanpak hat de kar fan de útjouwer alles te krijen. Wy litte nammentlik net mear boeken printsje as dat der foarynskriuwings binne. Pas as der wer fraach nei is wurde, sûnder ekstra kosten, dan fierdere eksimplaren byprinte.

Ien en oar is de útkomst fan ús kontakt mei útjouwerij 'Elikser' fan Jitske Kingma yn Ljouwert, dy't ús ek nei de útjefte ta begelied.

- In soarte fan wedstriid

In idee fan ús útjouwer, dat al earder by in oar boek ta in moai resultaat laat hat, like har foar ús boek ek wol gaadlik.

Us bestjoer hat besletten dat idee oer te nimmen en ropt dêrom hjirby de leden op

yn in gedicht of yn in stikje proaza fan heechút 350 wurden it tema fan it boek 'Friezen yn 'e frjemdte', in skiednis fan de Friezen om utens, ta útdrukking te bringen.

In sjuery, besteande út it groepke sneupers/skriuwers en de útjouwster Jitske Kingma, kiest dêr de moaiste bydrage út en dy komt dan foar yn it boek te stean. Foar de oare bydragen sil besjoen wurde oft dy op ien of oare manier bondele en ferspraat wurde kinne.

De bydragen moatte foar 1 jannewaris 2010 digitaal of op skrift ynlevere wurde by ús bestjoerslid Douwe Fierstra, Riddersdreef 59, 2542 XR Den Haag, 070-3672471, [doufie@ziggo.nl](mailto:doufie@ziggo.nl) .

Wy freegje jimme as kritebestjoeren om dizze oprop yn jimme kriteboekje op te nimmen.

Safier earst mar wer. Jimme hawwe wer wat ynsjoch yn de stân fan saken en de meiwurkers oan it boek strûpe de mouwen wer op en geane mei faasje fierder.

Mei freonlike groetnisse,  
út namme fan it bestjoer en alle meiwurkers  
Hâns J. Weijer  
Bounsskriuwer